

Spulwike Nijs



Spulwike Littenseradiel 2025. 14 oan't en mei 18 july 2025. 22e jiergong.



Fan de foarsitter

Dit jier wie Spulwike op reis nei Egypte. Nei de mummies yn Woesteidum, op syk nei magysk sân yn Hieroglittens en it helpen fan Yn 'e Wikkel yn Arabierrum. In wike fol aventoer, wille, blauwe drek, dûnskes en nije freonen makket Spulwike 2025 wer té gek! Ik hoopje dat jimme mei dizze krante

yn 'e hannen mei ús neigenietsje kinne fan in protte machtige ferhalen en mominten.

It makket my grutsk dat wy mei ús Spulwike-famylje, want sa fielt it, foar de 53e kear de moaiste wike fan it jier organisearre hawwe. En dat foar mear as 780 bern út en rûnom de âlde gemeente Littenseradiel. Bern, ik hoopje dat jim krekt sa geniete hawwe as ús! Tige tank foar eltsenien dy't dit jier meidien hat of in bydrage levere hat oan 'e Spulwike. Us stipers, freonen, pankoekbakkers, de gemeenten Ljouwert en Súdwest-Fryslân en alle oare belutsen minsken: tige tank dat jim de Spulwike ek dit jier wer in waarm hert tadroegen hawwe.

Ien groep wol ik graach ekstra yn it sintsje sette: alle 172 frijwilligers dy't moannen yn it spier west



hawwe om dizze wike op tou te setten en harren de hiele wike ynset hawwe. De lieder, haadliedingen, it mediateam, de stiperskommisje en alle oaren, jim meitsje dizze wike. En dêr meie wy mei-inoar best grutsk op wêze!

Dit jier draach ik it foarsitterskip oer oan Janneke Overall, dy't der mei fol entûsjasme en enerzjy oan begjint. Janneke, in hiel soad súkses mei dizze machtige funksje.

*Ut namme fan 'e stifting,
Elizabeth Sijbesma
Foarsitter Stifting Spulwike*



Side 2
Op syk nei
sânkorrels!



Side 4
Wat in dei sa'n
Spulwike dei!



Side 5
Aventoer op
de fyts



Side 7
Op foksenjacht



Arabierrum dei ien “Op syk nei sânkorrels yn Arabierrum”!

Troch Kevin den Haan en Selma de Boer

Fannemoarn binne wy losgien mei de Spulwike yn Arabierrum! Wy moeten Cleopatra, Sahahara (dy’t

altdy laket), en de mummy Yn ‘e Wikkell. Hy fertelde dat er altdy al farao wurde woe, mar dêrfoar moat er sân magyske sânkorrels yn in winskelamp stoppe. Dêr moasten de bern him fansels by helpe!

Yn groepkes fersierden wy de tinten en wikkelden ús liederen yn as mummies, sadat Yn ‘e Wikkell him net allinnich fiede. Dêrnei wie it tiid foar it fergefjocht!

Doe’t elkenien ûnder de ferve siet, begûn de echte syktocht. Yn ‘e graftombe fûnen wy in âlde bucketlist mei opdrachten. Troch dy út te fieren, koene wy sânkorrels fertsjinje. Nei de syktocht waard der goed iten: chips op bôle, in echte farao-snack! Letter krigen wy besite fan Minze Magiër, dy’t besocht de lamp oan te krijen. Mar spiti-gernôch wurke dy noch net... Doe kaam der ynienen lûd út in âlde skelp:

de stim fan Fatima Morgana, in mysterieuze geast út de woastyn. Se fertelde dat de winskelamp allinne wurket mei sânkorrels, mar net gewoane sânkorrels, mar magyske

sânkorrels, dy’t mar ienris yn it jier ferskine, dwers troch Arabierrum hinne. Moarn geane wy fierder! Slagget it ús om Yn ‘e Wikkell einliks farao te meitsjen?



Hiëroglittens dei ien “Yn de feart, yn de feart, yn de feart!”

Troch Marike Jansen en Anna Lies Bremer

De Spulwike is wer los, en de bern hienen der wer in soad nocht oan! Dit jier binne wy yn it waarme Egypte, dêr’t Toetie Frouk en Toetie Tina in boek mei frjemde hiërogliffen fûn hawwe. Mei help fan de bern binne de tekens ûntsifere en ûntstie in mysterieuze spreuk, dy’t Toetie Frouk en Toetie Tina yn de nacht fan moandei op tiisdei wer brûke kinne. Wurdt ferfoalge dus.. Foar’t it aventoer begjinne koe, moasten de bern earst op syk nei harren shirts. Mei grut entûsjasme gienen se troch it doarp en nei’t de shirts fûn wiene, sprongen de earste al yn de Nyl foar wat ferkuolling – want wat is it hjir waarm!

Nei it swimfeest waarden de moaiste tintekampen boud op it fjild. Dêrnei wie it tiid foar in hichtepunt: it fergefjocht! Mei kleur op it gesicht gongen se troch nei sport en spul, dat al gau wer yn wetter plesier einige.

In lêste dûk yn de drekfeart, noch ien kear de Spulwike-hit sjonge en yn de polonaise rûn: sa einige de earste dei. Mei wiete klean en brede laits gongen de bern tefreden nei hûs. Oant moarn!



Woesteidum dei ien: “We geane wer los!”

Troch Pyke Kramer en Aaltsje van der Vegt

De bern kamen de arena fol enerzjy yn en wiene benijd yn hokker groepke se sieten. Doe’t de groepkes yndield wiene, ûntbruts der noch wat: de oare liederen fan it groepke sieten ferstoppe yn it doarp. De bern gongen nijsgjirrich op syk. Doe’t de liederen ien kear fûn wiene, sprongen de bern gelyk de sleat yn. Nei’t de bern ûnder de drek sieten, gongen we werom nei de arena om ferve te smiten. Doe’t elkenien in leuke pose betocht hie foar de groepsfoto, begûnen we mei de spultsjes troch En Woesteidum. Underweis hawwe we gesellich ferskes

songen en in soad wille hân. De striid is begûn om te sjen hokker groepke de measte punten behelje kin. Doe’t we klear wiene mei de spultsjes, binne we weromgongen nei de arena om de puntentelling te dwaan. Hjir kaam al gau út hokker groepke boppe-oan stie. Ek kaam Omrop Fryslân del om sjen te litten wat Spulwike is, en wy kamen sels noch foarby yn de live útstjoering. Hjirnei binne de bern ophelle troch de âlders en hawwe wy mei-inoar in geweldige earste dei hân. We sjogge út nei moarn!





DE SPULWIKE STIPERS FAN 2025

Automaterialen Ronald Morien Wiuwert	Ydema kozijnen Dronrijp	Melkveebedrijf VOF Roorda Wytgaard	Silobags VOF Winsum	Zandstra Machineoptimalisatie constructie en onderhoud Raerd
Bouwbedrijf Bootsma b.v. Tirns	Van der Velde Slaapcomfort en Meer Winsum	Schilstra stucadoorsbedrijf Tzum	Tandartsenpraktijk Mantgum Mantgum	Eetcafé De 2 Gemeenten Jirnsum
Scheepsma Logistiek Wytgaard	Autobedrijf Strikwerda Dronrijp	Stal Chardon Jorwert	Noordmans maaiservice Britswert	Studio Fysyk Fit Mantgum Baard
Slagerij Walburg Tzum	Berne-opfang It Roekeltsje Warten	Camper Talsma Dronrijp	Patrick Kramer Weidum	Autobedrijf Menno Wallinga Winsum
Autohuis Winsum Winsum	Autoverkoopbedrijf v.d Wal Winsum	Timmer en onderhousbedrijf Jan Pieter de Boer Bears	Knipkeamer Rixt Wirdum	Groencentrum Witmarsum BV Witmarsum
Bike Totaal de Jong Wommels	Colors@home Woonvaria Wommels	Wheagan Wommels	Wietse B. Ligthart Bouw-Tekenburo Wommels	DTD Elektro & Installatie Wytgaard
Klaversma Bouwbedrijf Mantgum	De Roo compressoren Baard	Ganzinga Schilderwerken Dronrijp	It kruswetter Easterlittens	Couperus Hydrauliek B.V. Easterein
D. Bouma keukenmontage en interieurbouw Easterlittens	D.R. Multiservice Easterlittens	Pieter Miedema Autobedrijf Mantgum	Klauwverzorging van der Ploeg Spannum	Wiedijk B.V. Jorwert
Bouwe Jan Bouma Horecaspecialiteiten Boazum	Tichelaar dynamo's en start motoren Winsum	Koning en strikwerda bouw en houtbewerking bv Winsum	Rosier Greidanus Winsum	Fysiotherapie Fitness Feenstra Winsum
R. Roskam Onderhoud Easterlittens	Autobedrijf Sypersma Easterwierrum	Pander metsel en voegwerk Wiuwert	Marty's trend Wirdum	AmericanBase B.V. Wommels
Klaas Haitsma Witmarsum	Tidder Weidum	Arnolda Virtual Assistant Easterlittens	DAP it Griene Hert Wommels	Montagebedrijf Marco Bakker Wommels
A.S Hoekstra Bears	Rene bosgraaf tuin & infra Britswert	Gastouderopvang Home Sweet Home Wiuwert	De Vijf Sinnen Weidum	Farsk Britswert Britswert
Cafe snackbar Bonnema Mantgum	Stal Okkema Britswert	't Kappershûs Mantgum	Shiatsu & Massagetherapie An'twerk Mantgum	Wolkom Thús Itens
Hylkema Hydrauliekservice Reahus	Nullast Sneek	Elyt.nl Spannum	the Farmbreakers VOF Weidum	Timmer en restaurantiebedrijf Van der Hoek Spannum
LeerKRACHTcoach Itens	Let's play bridezilla Spannum	Bakker Metaal Hilaard	Logopedie Friesland Weidum	Tjitskes geboorteklokken en meer Weidum
Pyke Kramer Weidum	Berend Rinsma trucktrailerservice Harlingen	Sytse Haima Weidum	Autobedrijf Hoekstra Hijlaard	Kapsalon Rommy Weidum
Dorant Installatie Weidum	Tsiis & Sa Hijlaard	Kees Klip VOF Weidum	Metzstyle Wommels	Brouwers Schilders Wommels



Arabierrum dei twa “Wat in dei sa’n Spulwike-dei!”

Troch Kevin den Haan en Selma de Boer

Dei twa fan de Spulwike wie wer in grut aventoer! Yn ‘e Wikkels hie frege om sân mei te nimmen, mar spitigernôch

wie it net it goeie sân en ek net genôch.. Tiid om sels op syk te gean! We starten de dei mei in fleurige dûns en doe wie it tiid foar it earste spul: ‘Wier of net wier’, mei as ferrassing in

iisko fan professor Snappi! Nei de ijsko gongen we yn groepkes it doarp yn om sân te fertsjinjen. En mei in moai bultje kamen we werom op it fjild. Nei in stikje bôle sochten we de ferkuolling yn it wetter en dat wie lekker! Yn de middei wiene der spannende spultsjes tusken de liederen en in stoere survivaltocht foar de bern, dêr’t elkenien ûnder de blauwe drek útkaam. Op it fjild wiene der doe grutte aktiviteiten: schminken, ynstruminten meitsje, springkessens, magysk sân en ‘tien



tellen yn Egypte’. En doe... pankoe-ken! As ôfsluter hienen we in feestlike optocht troch it doarp. En yn de einsêne waard Yn ‘e

Wikkels útroppen ta Farao fan Arabierrum! Al mei al wer in prachtige dei, wat ha we genoaten!



Hiëroglittens dei twa “Fol magy en spulwille op it fjild”

Troch Tessa van der Kramer en Sigrîd Post

Tiisdei kamen de bern wer fol entûsjasme it fjild op. Toetie Frouk en Toetie Tina hiene yn

de ôfrûne nacht de mysterieuze spreuk ûntsiferjen. De spanning stiegde doe’t der ynienen in mummy ferskynde! Hy fertelde dat der magysk sân sammele

wurde moast om him yn libben te hâlden. Mei de bern giene wy op syk nei dat magyske sân, troch it boartsjen fan allegear spultsjes dêr’t punten mei fertsjinne wurde koene. We begûnen mei blyn follybal, tigeren troch in parkoers, spilen honkbal yn de foarm fan búkgliden, diene mei oan it rôversspul en sels laser-gamen. Nei al dat aventoer ieten wy tegearre op it fjild, dy’t wy ôfsleaten mei dûnskes en gesang. It Spulwike-liet klonk hieltyd better en waard út folle boarst meisongen. Nei de freugdedûns spilen wy mei ús allen Spul om ‘e piip. De liederen bleauwen by har spultsjes stean, wylst de bern yn groepkes fan spul nei spul draaiden. Al nei it earste boar-

tsjen leine de measte bern al wer fleurich yn’e sleat, gelokkich skynde de sinne de hiele dei! Sjongend en laitsjend reizgen wy troch it doarp werom nei it fjild. Dêr ûntdutsen we dat de mummy op syk wie nei in amulet, in skepter en in libbenskelk

om de flok op te heffen... Wurdt ferfolge... Oant moarn yn Wommels!



Woesteidum dei twa: “In ûnferjitlike survivaldei by Spulwike”

Troch Sytse Hoekstra

It wie in strieljende dei yn Spulwike: de sinne skynde, en elkenien hie der sin oan! De bern stiene te popeljen om te begjinnen oan de survivaldei, en de sfear siet der fan it earste

momint ôf goed yn. De grutste hit fan ‘e dei wie sûnder mis de stoarmbaan. Bern klatteren oer obstakels, draafden troch, gleden ûnder troch en einige mei in grutte glydbaan dy’t útkam yn it wetter. Dat wie prachtich

en elkenien waard wiet en smoarch, krekt sa’t it heart by in survivaldei fan Spulwike! Ek it modderbad wie in grut sukses. De bern krûpen, rôlen en sprongen der trochhinne. Guon wiene fan top oant tean bedut-

sen mei modder, mar dat makke it allinnich mar spannender en leuker. Oan ‘e ein fan ‘e dei wiene alle bern wurch, wiet en smoarch, mar foaral bliid. Se hiene in geweldige tiid hân. Ek de liederen

hawwe bot geniete fan alle fleurige gesichten en it entûsjasme fan de groep. Koartsein: in fantastyske survivaldei yn Spulwike dy’t gjinien gau ferjitte sil!



Arabierrum dei trije “De Magyske Sânreis fan Yn ‘e Wikkel”

Troch Sanne Ligthart en Nina den Haan

De dei yn Arabië begûn hjoed mei in pear drippen rein, mar dat hold de liederen en de

bern net tsjin! Nei't de bern yn groepkes yndield wiene en in eigen lieder krigen hiene, hawwe se net allinnich de tentsjes fersierd, mar ek har-

sels, troch in matchich moai farvegefjocht!

Yn 'e Wikkel wol graach Farao wurde, en dêrby sille de bern him helpe. Mar om syn winsklamp te aktivearjen, hat er sân sânkorrels nedich. De bern koene dy sânkorrels fertsjinje troch ferskate opdrachten yn it doarp út te fieren, lykas sels in piramide foarmje of de lieder ûnder smare mei einekroas.

Nei it middeisiten krigen wy in tillefoantsje fan Fata Morgana mei it boadskip dat der net sân, mar in hiel soad sânkorrels nedich binne foar de

winsklamp. Cleo, Saharah en Yn 'e Wikkel hiene dus magy nedich en doe ferskynde der samar in goochelaar op it fjild, dy't de bern meinaam yn in magyske wrâld.

Dêrnei krigen de bern hûs-

wurk mei: bring safolle mooglik sân fan hûs mei foar de winsklamp!

Wy binne benijd hoe't it moarn fierder giet en oft de winsk fan Yn 'e Wikkel útkomt...



Hiëroglittens dei trije: “In dei fol hiëroglyfen en bommetjes”

Troch Ate Schaap & Jurjen Miedema

Wat hiene de bern wer in moaie dei yn

Wommels, de tredde dei fan 'e Spulwike alwer!

Lykas elk jier wie der wer in soad wille, muzyk en aven-

toer. De dei begûn mei in grutte roeiboat fol sjongende bern, klear foar in nije etappe yn it ferhaal oer de amulet. Mei in protte freugde kaam de mummie foar it ljocht en brocht de amulet werom nei Toetie Froukje en sa koe se einlings wer Frysk prate!

Mar it aventoer wie noch net foarby. No't de amulet werom is, begjint de syktocht nei de libbenskelk. De bern giene mei harren liederen it doarp yn, op jacht nei hiëroglyfen. Se tekene dizze nei op papier, en nei't alles fûn wie, koe der op it fjild begûn wurde mei it ûntsyferjen fan de mysterieuze tekens.

Nei alle speurwurk wie der in koarte pauze, en dus tiid foar

wat lekkers, drinken en fansels: noch mear sjongen!

De middei brocht in prachtige optocht fan sjongende bern nei Swimbad De Klomp. Dêr waard mei-inoar in grutte draaikolk makke, wêrmei't de libbenskelk folrûn, de ienige manier om de floek fan Toetie Frouk en Toetie Tina te fer-

brekken!

Dêrneist wie der foar de bern genôch tiid om te swimmen, te glydzjen en om de grutste bommetjes yn it wetter te meitsjen. Wat in feestlike dei fol ferhalen, freugde en gesel-

lichheid!

Oant moarn!



Woesteidum dei trije: “Aventoer op de fyts”

Troch Brenda Dijkstra

Woansdei wie miskien wol ien fan de leukste dagen fan Spulwike: it wie tiid foar de grutste fytsrûte! Mei twa groep-

kes staptten wy op 'e fyts, klear foar in dei fol aventoer, spulstjes en ferrassingen ûnderweis.

By de rûte lâns wiene ferskate leuke stops dêr't wy spulstjes dienen en meidienen oan workshops. Ien fan de absolute hichtepunten wie it boksen. Mei begelieding fan in echte ynstrukteur koene wy ús krêft en snelheid teste. Dat wie in grut súkses! Elkenien stie entûsjast yn 'e rige om

mei te dwaan, en der waard fanatyk, mar sportyf striden.

Letter op 'e dei fytsten wy rjochting Wiuwert, nei in plak dat in bytsje mysterieus oandje: de ferneamde mummykelder. Yn stilte sakken wy ôf nei de tsjustere romte ûnder de tsjerke, dêr't iuwenâlde mummys leine. It wie spannend en yndrukwekkend tagelyk. De gids fertelde boeiende ferhalen, en guon bern stiene mei iepen mûle te harkjen.

Nei de keldertocht staptten wy wer op 'e fyts en songen wy fleurige ferskes wylst wy nei de folgjende stops trappen.

Doe't wy nei in geweldige dei werom kamen yn de arena, stie ús in ferrassing te wachtsjen: it mikrofoanduo hie in “auto-ûngelok” hân. De stim (De Farao) hie moarns al sein dat de flok wier wie, nei't wy de spegel stikken slein hiene. As Woesteidum woene wy it net leauwe, mar

no witte wy better, der is gjin ûntkommen mear oan!

It wie in dei fol beweging, wille en ferrassingen, in perfekte miks fan sportyf dwaande wêze en wat nijs ûntdekke.



Fynstoe ek dat Spulwike bestean bliuwe moat?

Wurd “Freon fan Spulwike” en help ús om dizze machtige wike ek yn de takomst mooglik te meitsjen!



Gean nei www.spulwike.frl en klik yn it menu op “freonen”.



DE SPULWIKE STIPERS FAN 2025

Bouwbedrijf Heeringa B.V. Witmarsum	Praktijk FysioBos Mantgum	Schildersbedrijf Nijdam Wommels	Zwemreus Franeker	Monique van Gijzen Dronrijp
Warenhuis van der Velde Wommels	Grand Cafe it Reade Hynder Wommels	Van der Meulen metaal Leeuwarden	DDV bouw & tegelwerken Makkum	Zwembad De Klomp Wommels
Holiday Ice Sint Nicolaasga	Poiesz Supermarkten Mantgum	PLUS Winsum	Wiersma Tentenverhuur & Partyverhuur Leeuwarden	Mts. Schoustra - Hettinga Easterwierrum
De Tysker Easterwierrum	De Jister Easterlittens	Doarpshûs Weidum	Garage Cats Eurorepare Witmarsum	By Alie Thús Wytgaard
Murk's slagerij Wommels	Rivera Nautic Wommels	Halte31 Dronrijp	Wiersma Administratieve en Fiscale dienstverlening Wommels	K. Boonstra Dronrijp
Freon fan Spulwike Winsum	Landbouwmechanisatie Bedrijf D. Kuipers B.V. Witmarsum	B Wiersma Koelwagen Verhuur Itens	Bij Heerma Verzekeringen Sneek	Keatsferiening Wommels
Goochelaar Minze Dijkma Wolvega	Twijnstra De Echte Bakker Oudemirdum	Dr. Oetker Nederland B.V. Leeuwarden	Havo b.v. Ermelo	Oliehoorn Zwaag
Driehoek zeep	Gemeente Leeuwarden Leeuwarden	Gemeente Súdwest-Fryslân Sneek	Rabobank Sneek	Vriendenloterij Amsterdam
Postcode loterij Amsterdam	Stichting Doen Amsterdam	bv SPORT Leeuwarden	De Friesland zorgverzekeraars Leeuwarden Snits	FRIS Ingenieurs B.V. Sneek
Hessel's Toiletwagenverhuur Stiens	Doarpshûs Yn'e Mande Wjelsryp	Fietselfstedentocht Boalsert	De freulepartij Wommels	Lidl Nederlang GmbH Huizen
Bouwbedrijf ECOhûs Fryslân Wons	It Holt Deinum	It Wiel Weidum	Van Dijk Timmer en Onderhoudswerk Tzum	Bootsma bouwbedrijf bv Easterwierrum
Sietze Nauta Easterwierrum	Melkveehouderij Jorna Easterwierrum	Gebroeders swierstra vof Weidum	Loonbedrijf Okkema Easterein	Altis BV Wiuwert
De Casanova Weidum	FrieslandBagging Winsum	F. Miedema dienstverlening Easterwierrum	J. de Haan Dienstverlening Wjelsryp	Maatschap Peenstra Mantgum
Maatschap T.P., L.& P. De Vries Weidum	Maatschap Miedema Easterwierrum	MHB Joure	Noten.nl Winsum	Op de Him Jorwert
Rik Cosijn Timmerwerken Jorwert	Pizza's van Atze Weidum	Schoustra Dienstverlening Easterwierrum	Smids DesignStudio Weidum	Van der Wiel Drachten
WIERDA Dienstverlening Wjelsryp	Wiedijk Woodproducts Jorwert	CS Stickers Bolsward	Romy Postma fotografie Groningen	Six Eyes Leeuwarden

Op hokker wize dan ek tige tank foar al jim stipe!

Arabierrum dei fjouwer “Yn ‘e Wikkel wurdt ta farao kroand!”

Troch Sanne El van der Vlugt en Wessel Wijnja

De fierde én lêste dei alwer fan de Spulwike yn Arabierrum.. Dizze dei stie fol fan spanning en wille. Yn ‘e Wikkel hie de bern frege sân mei te bringen, mar dat foel wat ôf: it wie net it juste sân én der wie fierstente min... Dus sieten der mar ien ding op: sels op syk!



De dei begûn mei in dûns, en fuort dêrnei kaam it earste spul: Wier of net wier. Ta ús ferrassing stie professor Snappi dêr mei in hearlik iisko foar elkenien. Mei dy swiete smaak noch yn ‘e mûle setten wy yn groepkes útein troch it doarp om genôch sân byinoar te krijen. Mei in aardich bulstje op ‘e hân kamen wy werom op it fjild. Nei in stikje bôle sochten wy de

ferkuolling yn it wetter, dat wie pas lekker! Middeis wiene der útgaagjende spulstjes tusken de liederen, wylst de bern har weagen oan in echte survivaltocht. Net ien kaam der droech út: de blauwe drek wie oeral te finen!

Op it fjild wie der noch folle mear te dwaan: fan schminken en ynstruminten meitsje oant springkessens, magysk sân en sels tsien tellen yn Egypte. En as kers op ‘e taart: pankoeke foar elkenien.

Wy slúten de dei ôf mei in machtige optocht troch it doarp, en yn de einsêne waard Yn ‘e Wikkel ta Farao fan Arabierrum kroand. Wat in prachtige lêste dei!



Hiëroglittens dei fjouwer “Op Foksenjacht!”

Troch Einte Noorman en Iris de Boer

Hjoed wie it alwer de lêste dei fan de Spulwike yn Hiëroglittens. De bern begûnen de dei sûnder harren liederen yn ‘e rûnte, want dy

hienen harren ferstoppe yn it doarp. Dat koe fansels mar ien ding betsjutte: de Foksenjacht! Under oare in Farao, in Sfinx en in dromedaris wiene yn it doarp te finen. De bern moasten lykwols goed oppasse foar

de sânrovers, want dy koene de tegoedbontsjen foar it magyske sân ôfpakke. Gelokkich slagge dat net, want de bern hiene mear as genôch bontsjen samele en dus koe de mummy op syk nei de skepter.

Wylst de mummy op syk wie nei de skepter, begûnen wy mei de survival. Dy bestie út sân spannende hindernissen dêr’t de bern en liederen oerhinne moasten. Búkskove mei de brânwacht fan Mantgum, de kabelbaan en fansels de legindaryske blauwe drek makken der in echt aventoer fan!

Nei in lange syktocht fûn de mummy einlings de skepter. Mei help fan it amulet, de libbenskelk en in spreuk koe de flok opheft wurde. De mummy

waard wer in gewoan minske en de kist mei dêryn de pankoeke gie iepen!

De bern hawwe der fan smuld en guon koene der wol mear as tsien op! De dei waard ôfsluten mei in fet moaie optocht, en de bern kinne weromsjen op in fantastyske wike fol wille, wetter, ferhalen en freonskip.



Woesteidum dei fjouwer: Swimwille, Mummys en Diskoljochten

Troch Kiki Kramer en Nynke van der Velde

Tongersdei begûn yn de arena mei in stikje reade tried en mei-inoar lekker dûnsjen. Dêrnei bouden alle groepkes libbene piramides foar bonuspunten, en dienen wy in stopdûns mei alle bern én liederen. Nei al dat bewegen stapten wy op ‘e fyts rjochting swimbad De Klomp yn Wommels. Underweis makken wy in gesellige

tuskenstop mei ranja en koeke. Yn it swimbad wie der foar elk wat wils: swimme, fan ‘e glydbaai, of lekker op it fjild boartsje mei freonen en freondintjes. Foar de echte fanatiekelingen wie der in bingokaart mei opdrachten dy’t yn De Klomp útfierd wurde koene. Underwilens wiene guon bern drok dwaande

mei it regeljen fan in “date” foar de feestjûn.

It swimmen waard ôfsluten mei in rebus fan hiëroglifen en in bypassende wurdspil. Mar de rêst duorre net lang... De flok fan Woesteidum sloech wer ta! Elk groepke moast in bern of lieder “opofferje” dy’t feroare waard yn in mummie.

Nei dizze lange, mar tige gesellige dei koene de bern efkes bykomme op de pallets. Net folle letter kamen de frijwilligers út Weidum oan mei steapele pankoeke, smullen mar! En doe rap klearmeitsje foar de disko, mei muzyk, ljochten en in protte fleurige gesichten.





Woesteidum dei fiif: “In machtige ôfslúting yn Woesteidum”

Troch Femke Veenstra

Dizze moarn begûn betiid mei in hiel bysûndere wekker: it wol bekende ferske Holle Bolle Tsjing, organisearre troch de bern sels. Je soene tinke dat se der nei sân wiken wol klear mei binne en it net mear hearre kinne... mar neat is minder wier! Nei dizze muzikale start begûnen de bern de sliepplakken op te romjen. Dêrnei koene wy noch ien kear op paad, it doarp yn, om in lekker

moarnsbrochje te skoaren. Op 'e skatkaart stienen ferskillende plakken oanjûn dêr't wy wat lekkers fine koene. Dat moarnsiten joech in goede boaiem foar de folgjende taak: de arena oprêde. Wat gong dat hurd, de bern lieten sjen dat se noch aardich wat spierballen oer hiene! Doe wie it tiid om efkes te razen en de liederen oan te moedigjen by de Alleskinner fan de Liedersteam. Fan in kwis oer Egypte oant in hap nimme fan in beskut en dêrnei fluitsje

– de liederen koene it allegear. De oanmoedigingen fan de bern holpen fansels geweldich mei! As ôfsluter folgen noch de allerlêste dûnskes, mei de allerlêste enerzjy dy't bern en liederen noch oer hiene. In moai fotomoment, en sa nimt elkenien 1001 oantinkens mei nei hûs. Toedelo, oant takom jier... of foar de allerlêste kear?



De foto's yn de Spulwike krante binne makke troch: Nynke Pater, Romy Postma, Ivo Rinia, Stella Dijkstra, Marij Tolsma en Mees Sijperda. Tige tank!

Stipers, freonen, frijwillichers en eltsenien dy't Spulwike mooglik makket, tige tank foar jimme stipe!



Bisto benijd nei mear foto's en wolst op 'e hichte bliuwe fan Spulwike? Folgje ús op Facebook en Instagram fia @spulwike.littenseradiel!